

Ferslach petear bestjoersdelegaasje Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy (skriuwer Jabik van der Bij, lid Jelle de Jong en foarsitter Gosse van der Plaats) mei de direkteur Bert Looper en de teamlieder ynformaasjeferstrekking Aly de Boer fan Tresoar op tiisdei 20 maart 2018 mei taheakke oanfolgings **(fet)** fan Tresoar fan 29 maart 2018.

- De hear Looper hjit de besikers fan herte wolkom en stelt daliks út om ien/inkele kearen jiers mei dizze groep as fertsjintwurdigers fan de argyfgebrûkers as in soartemint “klantbordgroep” te praten. Dit útstel wurdt yn tank oanfurdige.
- It belang fan de fysieke argyffunksje bliuwt yn de takomst foar Tresoar wichtich, mar wurdt relatyf minder om dat oare funksjes útwreidzje of derby komme. **Net minder wichtich mar der is in ferskowing geande yn de argyfwrâld fan fysiek nei digitaal. Alle Friezen, Fryske Hannen binne platfoarms wêrmei op in oare wize argyfmateriaal ûnder it grutte publyk ferspriede wurdt. De wurklikheid is dat de fysieke argyfoanfragen fan 18.000 nei 9.000 per jier werom rûn binne de lêste 8 jier. Wylst digitaal it gebrûk enoarm tanaam is mei 100.000 besikers per jier derby.**
- De feroaring yngeande 1 febrewaris 2018:
- De beskikbere romte foar argyfbesikers bliuwt itselde no’t de (foarhinne) stille stúdzeseal brûkt wurdt foar it ynsjen fan papieren argyfstikken. Der komt dit jier in nije stille seal op it plak fan de Bumabibleteek.
- Op oantrûn fan it Wurkferbân sil der in ferfangings- (lês ferbettering-) plan komme foar de apparatuer foar de argyfbesikers. **Der komme hieltyd minder microfiches op seal dus ferfanging sil plakfine as de apparaten stikken binne. De bookscanners is wol in punt fan soarch wêr’t dit jier nei sjoen wurde sil yn in ferfangingsplan meinaam wurde.**
- Besikers mei spesifyke fragen moatte yn’t foar in ôfspraak meitsje mei in tersake deskundige; yn ús gefal in genealogysk deskundige (tink oan mefrou Sietske Bloemhof, de hear Otto Kuipers of mefrou Martha Kist). De besikers freegje nei de mooglikheden ien fan dizze minsken kontinu troch de wike op it kantoar beskikber te hâlden, om’t spesifyke fragen net altyd fan te foaren te plannen binne. Harren oanwêzichheid past ek yn it kader fan de deskundigheidbefoardering fan Tresoar. Dit fersyk wurdt oanheard, mar der wurde gjin útspraken oer dien.
- De opfrege argyfstikken út it depot leine oant 1 febrewaris op de baly. U.o. troch it iepenstellen fan it depot nêst de baly wie dit plak net mear sa gaadlik **y.f.m. de feiligens.**
- De besikerstiiden fan Tresoar binne foar 2018 geweldich ferromme. Ek it ynsjen fan argyfstikken út it depot kin no jûns oant 10 oere. Spitich is dat ynsjen fan argyfstikken op oanfraach yn it wykein net mear kin. Fan dizze mooglikheid waard troch in beheinde groep minsken, dy’t fierderop yn Fryslân en seker fier dêrbûten wenje, gebrûk makke. Us fersyk om bygelyks foar de sneontemoarn dizze service wer yn’t te fieren wurdt gjin tasizzing dien. **Foar leden fan it Genealogysk Wurkferbân wolle we in útsûndering meitsje as de stikken op freed foar 13.00 reservearre wurde foar de sneons.**
- De bestjoersleden fan it Wurkferbân fine it spitich dat oer de feroarings yngeande 1 febrewaris en seker ek oer de wizigingen fan de iepeningstidenen it oanfreegjen fan argyfstikken op sneontemoarn net fan te foaren digitaal kommunisearre is. Harren yndruk is dat dit punt yn foarkommende gefallen wol oppakt wurde sil. **We sille sekens sjen of dit mooglik is in folgjend kear.**

- Ofslútend kamen de folgjende saken oan de oarder. Kinne wy as wurkferbân nei de simmer 2018 ús gearkomsten hâlde yn de Gysbert Jabiksseal ? Dizze seal is it hiele kalinderjier noch yn gebrûk foar “Lan fan Taal” en foar 2019 moat earst dúdlikheid weze oer de iepeningstiden fan Tresoar. Kinne der in globale planning komme foar it beskikberkommen fan de opnij ferfilmde nedergerochtstikken by voorouderonderzoek/nedergerechten ? Dit wurdt tasein. En Jan Post syn gearfettingen fan de 17<sup>e</sup> en begjin 18<sup>e</sup> ieuse Opsterlânske proklamaasjeboeken komme dit jier yn de “Digitale Bibliotheek” fan Tresoar.
- Ofpraat wurdt dat nei de simmer fan 2018 fierder praten wurdt. Tresoar noeget dan út.

Gosse van der Plaats